

Elske Hindriks skriuwt op fassinaasje

S

JPD 2-5-13

Elske Hindriks (55) brûkt foar har jongste boek in skriuwersnamme. Sy hat in part fan har famyljeskiednis fêstlein yn *In kop as in almenak*.

Literatuer

Abe de Vries

Tsjin it dekor fan in wilens ferdwûne skipperswrâld skriuwt Elske Hindriks ek oer in mem mei Alzheimer en de fenomenen ferline en ûnthâld. In fraachpetear.

In kop as in almenak is *faction*, hawwe jo witte litten: ynkleure werklikheid foar 't meastepart. Soene jo it in biografysk sjenre neame kinne?

„Ik skriuw op fassinaasje, op in driuw dy't ûnstiet om't ik wat bysûnders meimakke ha, om't ik

earne wat fan fyn, om't in barren my wat docht, om't ik earne op kop en earen yndûk. Petearen mei ús mem foarmje yn in tal haadstikken de ynliding op alderhande ferhalen en observaasjes. As ik by har del west hie, lei ik dy fêst. Om't it boek in syktocht nei it ferline is en dus sawol oer de syktocht sels as oer it ferline giet, hat it wat fan in dokumentêre roman. Mar it is gjin roman.”

De struktuer fan it boek is nijsgjirrich: notysjes, paragrafen. Gjûn keurich fan a oant z ferteld ferhaal. Wêrom hawwe jo it sa dien?

„De stof lokket wat oars út as in plot. In kop as in almenak is net ien

ferhaal, it giet net om in 'drama' en yn dy sin is der gjin ûntwikkeling dy't de lêzer fan it iene nei it folgjende haadstik lûkt. In plot bringt lykwols it risiko mei dat it ferhaal foarsisber wurdt. Ast it idee fan in romanstruktuer loslitst, is alles mooglik: observaasjes, anekdoates, kollumachtige mieningen, de tiden kinne lâns en troch elkoar hinne rinne. Dêr komt by: it fenomeen 'ûnthâld' spilet in wichtige rol yn it boek. Dat ik ha de frijheid ek noadich om mei tsjinstridichheden komme te kinnen.”

In protte skriuwers skriuwe oer harren jonkheid om earne mei ôf te rekkenjen. Sit dêr ek wat fan yn jo boek?

„Ik kom út in waarme húshâlding al wol dat net sizze dat myn bernetiid dêrmei perfekt wie. It iennichste 'net-perfekte' siet yn myn skoal-lekarrière. Pesterij op de legere en it advys om mar nei de mavo wyls ik eins nei it vwo moatten hie. Dat stiet ek beskreaun en ferklearre, mar in 'ôfreakening' is it net. Miskien hie it dat wurden as ik 'de al-

menak' as tweintiger skreaun hie.”

It boek jout in 'mooglike werklikheid', hawwe jo yn in ynterview sein. Wat bedoele jo dêrmei?

„Wat is wier, wat is werklikheid? De mem is basearre op myn mem. Sy hat Alzheimer en is de ferhalen ûnderwilens kwytrekke. Oars soe se sa passaazjes oanwize kinne en sizze dat it krekt even oars siet. Witst wat grappich is? Yn it boek komt in koarte sêne foar wêryn't

Ast it idee fan in romanstruktuer loslitst, is alles mooglik

Klaas Hornstra mei syn skûtsje it iis fan de Knypsterfeart stikken fart. It boek wie al korrizjearre doe't ik ûntduts dat de Knypsters mei man en macht besocht hawwe it skip op te kearen. Hornstra ramde de brêge. Ik ha it fragmint bewust net mear oanpast. De werklikheid yn 'de almenak' is net de werklikheid fan de persoanaazjes en ek net dy fan my as skriuwster. Mar dy fan it boek.”

Jo hawwe ek argyfûndersyk dien. Sit der in histoaryske roman yn de penne fan Elske Hindriks?

„Miskien hie der, bygelyks oer de Rynfeart yn oarlochstiid, wol mear te finen west. Op in stuit woe ik der in punt achter sette. Krekt dat famyljeferhalen op in stuit net te achterheljen binne, is ommers ék in tema yn it boek. Ik tink net dat ik ea in histoaryske roman skriuwe sil. Wer ris yn de skiednis dûke, soe samar kinne. Undersyk dwaan leit my wol, mar dan wurdt it non-fiksje.”

In kop as in almenak. Elske Hindriks. Afûk, 16,50 euro